

BBB, PvdA, CDA & CU  
t.a.f.: politike fraksjefoarsitters & formateur  
Postbus 20120  
8900 HM LJOUWERT

Ljouwert | 1 april 2023

**OANGEANDE:** 5 foarstellen foar in fearkrêftigere Fryske ekonomy en maatskippij.

Achte fraksjefoarsitters Abel Kooistra, Edou Hamstra, Friso Douwstra en Matthijs de Vries & de noch te beneamen formateur,

Alderearst wol ik alle 650.000 Friezen lokwinskje mei op- en útkomst fan de ferkiezingsen. It komt no del op it smeien fan in ferbûn fan politike partijen BBB, PvdA, CDA en CU ta in koalysje(akkoart). Wy winskje jo in soad wiisheid ta.

Om jo dêryn te helpen, dogge wy 5 foarstellen dy't yn ús belibbing in plak yn it koalysje-akkoart fertsjinje. Mar wa binne wy? Wy binne Innovatiepact Fryslân (IPF), it ekonomyske gearwurkingsferbân fan Fryske ûndernimmers, oerheden, ûnderwiis- en ûndersyksynstellings. As kollektyf (triple helix netwurk) foarmje wy sûnt 2014 in ynnovatyf ekosysteem wêryn't wy strategysk én aksjerjochte gearwurkje nei in sirkulêre maatskippij oan de brede wolfeart fan in sûn, skjin én lokkich Fryslân.

Elke dei wurkje Fryske ûndernimmers, oerheden, ûnderwiis- en ûndersyksynstellings binnen dit pact gear, wêrtroch't ketengearwurking, ynnovaasje en alliansjes suksesfol foarm krije. IPF fersterket dizze gearwurking en tsjinnet hjirbij de dielde belangen. Yn hokker aginda werkenne wy ús allegearre? Hoe kinne we fan ien plus ien trije meitsje? Hoe krije we nije inisjativen fan 'e grûn? En hokker útdagings binne sa grut dat we meielkoar fierder komme as allinne?

Us omjouwing feroaret konstant en hieltyd flugger. De regio stiet foar in tal grutte maatskiplike en ekonomyske útdagings. Ik hoech jo net te fertellen hokker dat binne. Allinne kinne we it net oplosse. Troch sterke publyk-private gearwurking, betrouwen, lûkkraft en tichteby wêzen binne wy der fan oertsjûge dat we it ferskil meitsje kinne. En binne we by steat om ynnovative oplossings te finen *foar, troch én mei* de 650.000 Friezen.

As Friezen binne we goed yn it sels - meielkoar - dwaan! Ut dizze hâlding wei wurkje de trije partners meielkoar gear út ien dielde ekonomyske gearwurkingsaginda foar Fryslân. Foar in fearkrêftigere takomstbestindige maatskippij dêr't elkenien meidwaan kin. It is in aginda dy't net allinne strategysk rjochting jout fan in lineêre nei in sirkulêre ekonomy. Mar it is ek in 'aksje-aginda' mei konkrete oanjei- en útfieringsprogramma's om ynnovaasje, it fermogen om te fertsjinjen en de leefomjouwing yn Fryslân te fersterkjen.

De kommende koalysjeperiode stiet, foar wat ús oanbelanget, yn it teken fan trochpakke en meielkoar impact meitsje foar in skjin, sûn en lokkich Fryslân, dêr't elke dei wer ynnovaasjes de mienskip fan moarn foarmjouwe. De Fryske ûndernimmers, oerheden, ûnderwiis- en ûndersyksynstellings feriene yn IPF, dogge jo én de ûnderhandeljende partijen, dêrom 5 foarstellen dy't in plak yn it koalysje-akkoart fertsjinje.

- 1. De ekonomy is in hoekstien yn de mienskip**, sadat we yn Fryslân wenje, wurkje, leare en libje kinne. Wy wolle jo freegje om soarch te dragen dat it wurkjen oan in fearkrêftige betsjuttingsekonomy/fitale regio ien fan de prioriteiten is dy't je allinne meielkoar mei oare oerheden, ûndernimmers, ûnderwiis- en ûndersyksynstellings foarmjaan kinne;

# INNOVATIEPACT FRYSLÂN

2. **It ekonomysk belied foar in fitale regio meitsje we meielkoar**, troch de leden feriene yn IPF, dy't in fertsjintwurdiging binne fan de Fryske ûndernimmers, oerheden, ûnderwiis- en ûndersyksynstallings. Wy wolle jo freegje om dizze strategyske gearwurking lange termyn struktureel te boargjen en dêrfoar better bestjoerlik stal te jaan yn de triple helix (IPF) sa as yn oare regio's - nei foarbyld fan stichting Brainport Eindhoven (economic board) of stichting Twente Board, sadat we mear impact meitsje, slachfeardiger en effisjinter gearwurkje en ynnovearje.
3. **Bliuw oanjeien, ûntwikkeljen en ynvestearjen yn de 5 spearpunten út ús ekonomyske gearwurkingsaginda**, te witten: AgroFood, WetterTechnology, Hightech Systemen & Materialen, Sirkulêre Materialen en Maritime Technology. Mei dizze 5 spearpunten ûnderskiede we ús as regio, wurkje we streekrjocht oan cross-sectorale kennisûntwikkeling en ynnovaasje en dêrmei fersterkje we ús fermogen om te fertsjinjen. Dêrneist leverje de 5 ekonomyske spearpunten in wichtige bydrage as 'mei mooglik makker' foar it oplossen fan de maatskiplike opjeften. It oanjeien en ûntwikkeljen fan de 5 ekonomyske spearpunten wurdt foarmjûn út namme fan it kollektyf by IPF. Wy wolle jo freegje soarch te dragen foar in mearjierrige strukturele bydrage fan €600 k it jier.
4. **Talint en ynnovaasje is de motor fan ús fermogen om te fertsjinjen**. Wy wolle jo freegje om bliuwend te ynvestearjen yn:
  - alle oanwêzige kampussen en ynnovaasjeklusters, wêryn't we de kreamkeamer binne foar wrâldklasse kennis en ynnovaasjes fan de takomst;
  - de fierdere ûntwikkeling fan de gearwurking tusken de ûnderwiisynstallings (MBÛ, HBÛ en WÛ) fia it ûnderwiisakkoart;
  - fakmanskip (technyk, soarch, gastfrijheid, ensf.);
  - it MKB sterk te ferbinen mei it ûnderwiis troch meielkoar programma's te ûntwikkeljen rjochte op libben lang ûntwikkeljen en takomstbestindige banen;
  - talint behâld yn de regio en oanlûken fan talint fan bûten.
5. **It Fryske MKB is de koark dêr't ús betsjuttingsekonomy op driuwt**. It bringt wurk, ynnovaasje mar ek brea op 'e planke. Wy wolle jo freegje om út de oerheid (provinsje en gemeenten) mear ienheid te kreëarjen en struktureel te ynvestearjen yn:
  - ien mienskiplik start-up en scale-up programma (Founded yn Fryslân);
  - ien mienskiplik ûndernimmersloket (YnBusiness) yn Fryslân;
  - ien mienskiplik triple helix útfieringsprogramma Gastfrij Fryslân;
  - ien mienskiplik talintennetwurk en -platfoarm (Wrk.frl) yn Fryslân;
  - ien yntegrale merkposisjonearring fan Fryslân. Breder as allinne toerisme, sadat elke Fries grutsk is op de Fryske bedriuwen, ynnovaasjes en organisaasjes (made yn Fryslân).


Wy strûpe graach ús mouwen op foar Fryslân it bêste lân fan d' ierde. No en yn 'e takomst.

As jo it op priis stelle, komme wy graach om ús fiif foarstellen wiidweidiger ta te ljochtsjen.

Mei freonlike groetnis,  
mei út namme fan alle Fryske ûndernimmers, oerheden, ûnderwiis- en ûndersyksynstallings ferbûn yn it Innovatiepact Fryslân,



John Vernooij  
Foarsitter



IT JIERPLAN KINNE JO FINE OP: [WWW.INNOVATIEPACT.FRL/ANBI](http://WWW.INNOVATIEPACT.FRL/ANBI)